

*de*

# *Nederlânske Geloofsbelidenis*

oersetten yn it Frysk fan hjoed-de-dei troch  
ing. Tjibbele Miedema

mei stipe fan dr Bernard Smilde

ikere troch in kommisje  
fan de Partikuliere Synoade Fryslân  
fan de Grifformearde Tsjerken (frijmakke)

besteande út:

prof. dr Rolf Bremmer  
dr Hans Burger  
prof. dr Jochem Douma  
dû. Gerard Geerds  
drs Jan Geersing

## Nederlânske Geloofsbelidenis

### Artikel 01 --- De iennige God

Wy leauwe allegearre mei it hert en belide mei de mûle<sup>1</sup> dat der ien God is<sup>2</sup>, in folslein iennich en ienfâldich geastlik wêzen<sup>3</sup>. Hy is ivich<sup>4</sup>, net te begrûnjen<sup>5</sup>, ûnsjenlik<sup>6</sup>, ûnferoarlik<sup>7</sup>, ûneinich<sup>8</sup>, almachtich<sup>9</sup>. Hy is folslein wiis<sup>10</sup>, rjochtfearnich<sup>11</sup> en goed<sup>12</sup>, en in tige oerrinnende boarne fan alle goed.<sup>7</sup>

<sup>1</sup>Rom 10 : 10; <sup>2</sup>Deut 6 : 4; 1 Kor 8 : 4, 6; 1 Tim 2 : 5; <sup>3</sup>Joh 4 : 24; <sup>4</sup>Ps 90 : 2; <sup>5</sup>Rom 11 : 33; <sup>6</sup>Kol 1 : 15; 1 Tim 6 : 16; <sup>7</sup>Jak 1 : 17; <sup>8</sup>1 Ken 8 : 27; Jer 23 : 24; <sup>9</sup>Gen 17 : 1; Mt 19 : 26; Iep 1 : 8; <sup>10</sup>Rom 16 : 27; <sup>11</sup>Rom 3 : 25, 26; Rom 9 : 14; Iep 16 : 5, 7; <sup>12</sup>Mt 19 : 17. Sjoch fierder Jes 40, 44 en 46.

### Artikel 02 --- Hoe't wy God kenne

Wy kenne Him troch twa middels :

Earst, troch de skepping, ûnderhâlding en regearing fan de hiele wrâld. Want dizze wrâld is foar ús eagen as in prachtich boek<sup>1</sup>, dêr't alle skepsels, de grutte en de lytse, yn binne as letters, dy't ús de ûnsjenbere dingen fan God ferstean en trochsjen litte, nammentlik *syn ivige macht en godlikens*, sa't de apostel Paulus yn Romeinen 1 : 20 seit. Dy dingen binne foldwaande om de minsken te oertsjûgjen, dat se binne net te ûntskuldigjen.

Twads makket Er him noch klearder en folsleiner oan ús bekend troch syn hillich en godlik Wurd<sup>2</sup>, dat wol sizze, safolle as wy yn dit libben nedich hawwe ta syn eare en ta de sillichheid fan dy't sines binne.

<sup>1</sup>Ps 19 : 2 – 5; <sup>2</sup>Ps 19 : 8, 9; 1 Kor 1 : 18 – 21.

### Artikel 03 --- It Wurd fan God

Wy belide dat dit Wurd fan God net sprutsen is, allinne *omdat in minske dat sels woe; nee, dreaun troch de hillige Geast hawwe minsken út namme fan God sprutsen*, sa't de apostel Petrus seit (2 Petrus 1 : 21).

Dêrnei hat God troch de bysûndere soarch dy't Er foar ús en ús heil hat, syn tsjinstfeinten, profeten en apostels hjitten, syn iepenbiere Wurd op skrift te bringen<sup>1</sup>; en Hysels hat mei eigen fingers de twa platen fan de wet skreaun<sup>2</sup>. Dêrom neame wy sokke skriften hillige en godlike Skriften<sup>3</sup>.

Ex 34 : 27; Ps 102 : 19; Iep 1 : 11, 19; Ex 31 : 18; 2 Tim 3 : 16.

### Artikel 04 --- De kanonike boeken

Wy ûnderskiede yn de hillige Skrift twa dielen : it Alde en it Nije Testamint. Dat binne kanonike boeken, dêr't neat tsjin ynlein wurde kin.

Dêrta wurde yn Gods tsjerke dizzen rekkene :

- de boeken fan it Alde Testamint : de fiif boeken fan Mozes, te witten Genesis, Exodus, Leviticus, Numeri, Deuteronomium, Jozua, Rjochters, Ruth, 1 Samuël, 2 Samuël, 1 Keningen, 2 Keningen, 1 Kroniken, 2 Kroniken, Ezra, Nehemia, Ester, Job, Psalmen, de trije boeken fan Salomo, te witten Spreuken, Preker, Heechliet, de fjouwer grutte Profeten, te witten Jesaja, Jeremia (mei de

- Kleilieten), Ezechiël, Daniël en fierder de tolve lytse Profeten, te witten Hoséa, Joël, Amos, Obadja, Jona, Micha, Nahum, Habakuk, Sefanja, Haggai, Sacharja en Maleächy;
- de boeken fan it Nije Testamint : de fjouwer Evangelisten Mattéus, Markus, Lukas, Johannes, de Hannelingen fan de apostels, de trettjin\*) brieven fan de apostel Paulus, te witten oan de Romeinen, twa oan de Korintiërs, oan de Galatiërs, oan de Efeziërs, oan de Filippiërs, oan de Kolossers, twa oan de Tessalonikers, twa oan Timoteüs, oan Titus, oan Filémon; it brief oan de Hebreërs, de sân oare brieven, te witten it brief fan Jakobus, twa brieven fan Petrus, trije fan Johannes, it brief fan Judas; de Iepenbiering fan de apostel Johannes.

\*)

Yn de oarspronklike ferzy stiet: fjirtjin. Doetiids waard ek it brief oan de Hebreërs foar in brief fan Paulus hâlden.

### **Artikel 05 --- It gesach fan de hillige Skrift**

Al dizze boeken en dizze allinne ûntfange<sup>1</sup> wy as hillich en kanonyk, om ús leauwen dêrneffens te rjochtsjen, dêrop te grûnjen en dêrmei te befêstigjen<sup>2</sup>. En wy leauwe sûnder iennige twivel, alles dat dêryn stiet.

Dat dogge wy net sasear om't de tsjerke se oannimt en foar kanonyk hâldt, mar benammen om't de hillige Geast yn ús herten tsjûget, dat se fan God binne<sup>3</sup>. Hja drage boppedat it bewiis dêrfan ek yn harsels, mei't sels de blinen taaste kinne dat de dingen dy't dêryn foarsein binne, barre<sup>4</sup>.

<sup>1</sup>1 Tess 2 : 13; <sup>2</sup>2 Tim 3 : 16, 17; <sup>3</sup>1 Kor 12 : 3; 1 Joh 4 : 6; 1 Joh 5 : 6b; <sup>4</sup>Deut 18 : 21, 22; 1 Ken 22 : 28; Jer 28 : 9; Ezech 33 : 33.

### **Artikel 06 --- It ferskil tusken de kanonike en de apokryfe boeken**

Wy meitsje ûnderskied tusken dizze hillige boeken en de apokryfe, nammentlik it tredde en fjirde boek fan Ezra, it boek Tobit, it boek Judit, it boek Wysheid fan Salomo, Jezus Sirach, it boek Barûch, de tafoegingen oan de histoarje fan Ester, it Gebed fan de trije mannen yn it fjoer, de Skiednis fan Suzanne, fan Bel en de Draak, it Gebed fan Manasse en de twa boeken fan de Makkabeeërs.

Dy boeken mei de tsjerke wol lêze en hja kin dêr ek wol learing út nimme, foarsafier't se oerienkomme mei de kanonike boeken. Hja hawwe lykwols net sa'n krêft en gesach dat hokker punt fan it leauwen of fan de kristlike religy troch it tsjûgnis fan de apokryfe boeken befêstige wurde kinne soe; lit stean dat se de autoriteit fan de oare, hillige boeken ferminderje kinne soenen.

### **Artikel 07 --- De folsleinens fan de hillige Skrift**

Wy leauwe dat dizze hillige Skrift de wil fan God folslein befettet en dat alles wat de minske leauwe moat om behâlden te wurden<sup>1</sup>, dêr foldwaande yn leard wurdt. Dêryn hat God wiidweidich beskreaun op hokker wize Hy easket dat wy Him tsjinje sille. Dêrom is it de minsken, al wienen it ek apostels, net tastien oars te learen as ús no leard is troch de hillige Skriften<sup>2</sup> : ja, *al wie it ek in ingel út 'e himel*, sa't de apostel Paulus seit. (Galatiërs 1 : 8). It is ferbean, *oan it Wurd fan God wat ta of of te dwaan*<sup>3</sup> (ferl. Deuteronomium 4 : 2). Dêrút docht wol bliken, dat wat dêryn leard wurdt tige folmakke is en oer alle boegen folslein<sup>4</sup>.

Skriften fan minsken, hoe hillich of't se ek west hawwe, meie net lyksteld wurde mei de Godlike Skriften of de gewoante mei de wierheid fan God – want de wierheid giet boppe alles – ; en allikemin de grutte mannichte, de

âldens, of de opvolging fan tiden of persoanen, likemin as de konsily's, dekreten of besluten<sup>5</sup>. Want *alle minsken* binne fan harsels *leageners* (Psalm 116 : 11) en neatiger as neatigens.

Dêrom fersmite wy mei ús hiele hert alles wat net mei dizze ûnfeilbere regel oerienkomt<sup>6</sup>. Sa hawwe de apostels it ús leard , doe't se seinen : *Hifkje de geasten, oft se wol fan God komme* (1 Johannes 4 : 1). Allyksa, *as der ien by jimme komt en dizze leare net bringt, nim him net yn 'e hûs* (2 Johannes : 10).

<sup>1</sup>2 Tim 3 : 16, 17; 1 Petr 1 : 10 – 12; <sup>2</sup>1 Kor 15 : 2; 1 Tim 1 : 3; <sup>3</sup>Deut 4 : 2; Spr 30 : 6; Hann 26 : 22; 1 Kor 4 : 6; Iep 22 : 18, 19; <sup>4</sup>Ps 19 : 8; Joh 15 : 15; Hann 18 : 28; Hann 20 : 27; Rom 15 : 4; <sup>5</sup>Mk 7 : 7 – 9; Hann 4 : 19; Kol 2 : 8; 1 Joh 2 : 19; <sup>6</sup>Deut 4 : 5, 6; Jes 8 : 20; 1 Kor 3 : 11; Ef 4 : 4 – 6; 2 Tess 2 : 2; 2 Tim 3 : 14, 15.

## Artikel 08 --- De hillige Trije-ienheid

Neffens dizze wierheid en dit Wurd fan God leauwe wy yn ien God<sup>1</sup>, dy't in folslein iennich wêzen is, dêr't trije Persoanen yn binne, te witten, de Heit en de Soan en de hillige Geast<sup>2</sup>. Dy binne wier en fan ivichheid ûnderskaat yn har ûnmeidielbere eigenskippen.

De Heit is de oarsaak, oarsprong en it begjin fan alle dingen<sup>3</sup>, sawol sjenbere as ûnsjenbere. De Soan is it Wurd, de wysheid en it byld fan de Heit<sup>4</sup>. De hillige Geast is de ivige krêft en macht, dy't útgiet fan de Heit en fan de Soan<sup>5</sup>.

Lykwols makket dit ûnderskied net, dat God yn trijen dield wêze soe, mei't de hillige Skrift ús leart, dat de Heit en de Soan en de hillige Geast elk har selsstannigens hawwe, ûnderskaat troch harren eigenskippen. Lykwols is it sa, dat dizze trije Persoanen mar ien iennich God binne. It is dus dúdlik dat de Heit de Soan net is, en dat de Soan de Heit net is; dat allyksa de hillige Geast de Heit net is, noch de Soan.

Undertusken binne dizze sa ûnderskate Persoanen net dield of yn-inoar fermongen. Want de Heit hat ús fleis en bloed net oannommen en likemin de hillige Geast, mar allinne de Soan. De Heit hat nea net sûnder de Soan<sup>6</sup> en ek net sûnder syn hillige Geast west, want se binne alle trije fan likense ivigens yn ienselde wêzen. Der is gjin earste of lêste, want se binne alle trije ien yn wierheid, yn macht, yn goedens en yn barmhertigens.

<sup>1</sup>1 Kor 8 : 4 – 6; <sup>2</sup>Mt 3 : 16, 17; Mt 28 : 19; Ef 3 : 14, 15; <sup>3</sup>Spr 8 : 22 – 31; Joh 1 : 14; Joh 5 : 17 – 26; 1 Kor 1 : 24; Kol 1 : 15 – 20; Hebr 1 : 3; Iep 19 : 13; <sup>4</sup>Joh 15 : 26; <sup>5</sup>Mi 5 : 1; Joh 1 : 1, 2.

## Artikel 09 --- It tsjûgnis fan 'e Skrift foar dizze lear

Dit alles witte wy net allinne út 'e tsjûgenissen fan de hillige Skrift<sup>1</sup>, mar ek út 'e wurkingen fan dy Persoanen, en benammen út dyjinge dy't wy yn ússels fermimme.

De tsjûgenissen fan de hillige Skrift, dy't ús leare dizze hillige Trije-ienheid te leauwen, steane op ferskate plakken yn it Alde Testamint beskreaun. Wy hoege se net op te somjen, mar moatte in sekuere kar meitsje. Yn Genesis 1 : 26 en 27 seit God : *Lit ús minsken meitsje nei ús byld en likenis*, ensafuorthinne. *Dat sa skoep God de minske nei syn eigen byld, manlik en froulik hat Er har skepen*. En ek Genesis 3 : 22 : *Sjoch de minske is wurden as ien fan ús*. Dêrút, dat Er seit : *Lit ús minsken meitsje nei ús eigen byld*, docht bliken dat der mear as ien Persoan yn de Godheid is. En dêrnei wiist Er ek op de ienheid, as Er seit : *God skoep*. No is it wol wier, dat Er net seit, hoefolle Persoanen der binne, mar wat foar ús yn it Alde Testamint heal en heal tsjuster is, dat is tige dúdlik yn it Nije. Want doe't ús Hear doopt waard yn de Jordaen, waard de stim fan de Heit heard, dy't sei : *Dit is myn Soan, myn ynleave Jonge* (Mattéus 3 : 17); de Soan waard sjoen yn it wetter en de hillige Geast iepenbiere him yn it stal fan in do<sup>2</sup>.

Boppedat hat Kristus mei it each op de doop fan alle leauwigen ek dizze formule ynsteld : *Doop alle folken yn 'e namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast* (Mattéus 28 : 19). Yn it Evangeelje neffens Lukas seit de ingel Gabriël tsjin Maria, de mem fan de Hear : *De Hillige Geast sil oer jo komme, en de krêft fan de Allerheechste sil syn skaad oer jo lizze; dêrom sil it bern dan ek Hillige neamd wurde, Soan fan God* (Lukas 1 : 35). Allyksa : *De genede fan de Hear Jezus Kristus, en de leafde fan God en de mienskip fan 'e hillige Geast wêst mei jim allegearre* (2 Korintiërs 13 : 13). \*)

Op al dizze plakken wurdt ús dúdlik leard, dat der trije Persoanen binne yn ien iennich godlik wêzen. En hoewol't dizze lear fier boppe it minsklik ferstân útgiet, lykwols leauwe wy dy no troch it Wurd en wy ferwachtsje dat wy de folsleine kennis en de genieting dêrfan yn 'e himel hawwe sille.

Fierder moatte wy ek acht slaan op it eigen wurk dat elk fan dizze trije Persoanen oan ús docht : De Heit wurdt ús Skepper neamd troch syn krêft; de Soan is ús Heilân en Ferlosser troch syn bloed; de hillige Geast is ús Hillichmakker troch syn wenjen yn ús herten. Dizze lear fan de hillige Trije-ienheid hat de wiere tsjerke altiten fêsthâlden fan 'e tiden fan 'e apostels ôf oant no ta, tsjin de Joaden, de Islamiten, en inkelde falske Kristenen en kettters lykas Marcion, Mani, Praxeas, Sabellius, Paulus fan Samosata, Arius en mear sokken. Mei goed rjocht hawwe de rjochtsinnige tsjerkfaars harren feroardield. Dat sadwaande nimme wy yn dizze saken fan herten de trije algemiene belidenisskriften oan, te witten de Apostoalyske, dy fan Nicea en dy fan Athanasius, en allyksa alles wat de tsjerkfaars yn oerienstimming dêrmei fêststeld hawwe.

<sup>1</sup>Joh 14 : 16; Joh 15 : 26; Hann 2 : 32, 33; Rom 8 : 9; Gal 4 : 6; Tit 3 : 4 – 6; 1 Petr 1 : 2; 1 Joh 4 : 13, 14; 1 Joh 5 : 1 – 12; Jud : 20, 21; Iep 1 : 4, 5; <sup>2</sup>Mt 3 : 16.

\*)

De Generale Synoade fan Heemse 1984 – 1985 hat op dit plak de folgjende wurden skrast: "En: Drie zijn er die getuigen in de hemel: de Vader, het Woord en de Heilige Geest". De ferwizing nei 1 Joh 5 : 7b stiet yn 'e 'kiif, om't dy tekst net yn de âldste hânskriften fûn wurdt.

## **Artikel 10 --- De godheid fan Jezus Kristus**

Wy leauwe dat Jezus Kristus nei syn godlike natuer de Ienlingssoan fan God is<sup>1</sup>, fan ivichheid fuortbrocht. Hy is net makke of skepen – want dan soe Er in skepsel wêze – mar ien fan wêzen mei de Heit, mei-ivich, yn alles lyk oan Him<sup>2</sup>. De Skrift neamt Him : *de ôfglâns fan Gods hearlikheid en de ôfprint fan syn wêzen* (Hebreeërs 1 : 3). Hy is Gods Soan, net allinne sûnt de tiid dat Er ús natuer oannommen hat, mar fan alle ivichheid<sup>3</sup> ôf. Soks kinne wy út de neifolgjende tsjûgenissen leare, as wy se meiïnoar ferlikenje.

Mozes seit, dat God de wrâld skepen<sup>4</sup> hat, en de apostel Johannes seit dat alle dingen skepen binne troch it Wurd, dat er God neamt<sup>5</sup>; de apostel seit, dat God de wrâld troch syn Soan makke hat<sup>6</sup>; en ek dat God alle dingen troch Jezus Kristus skepen hat<sup>7</sup>. Dêrút folget dat Deselde, dy't neamd wurdt God, it Wurd, de Soan en Jezus Kristus, der doe al west hat, doe't alle dingen troch Him skepen waarden. En dêrom seit de profeet Micha : *syn komôf leit yn in fier ferline, de dagen fan alear* (Micha 5 : 1). En de apostel oan de Hebreeërs : *syn libben hat begjin noch ein* (Hebreeërs 7 : 3).

Sa is Er dan de wiere, ivige God, de Almachtige, dy't wy oanroppe, oanbidde en tsjinje.

<sup>1</sup>Mt 17 : 5; Joh 1 : 14, 18; Joh 3 : 16; Joh 14 : 1 – 14; Joh 20 : 17 : 31; Rom 1 : 4; Gal 4 : 4; Hebr 1 : 1; 1 Joh 5 : 5, 9 – 12; <sup>2</sup>Joh 5 : 18, 23; Joh 10 : 30; Joh 14 : 9; Joh 20 : 28; Rom 9 : 5; Fil 2 : 6; Kol 1 : 15; Tit 2 : 13; Hebr 1 : 3; Iep 5 : 13; <sup>3</sup>Joh 8 : 58; Joh 17 : 5; Hebr 13 : 8; <sup>4</sup>Gen 1 : 1; <sup>5</sup>Joh 1 : 1 – 3; <sup>6</sup>Hebr 1 : 2; <sup>7</sup>1 Kor 8 : 6; Kol 1 : 16.

## Artikel 11 --- De godheid fan 'e hillige Geast

Wy leauwe en belide ek, dat de hillige Geast fan ivichheid fan de Heit en de Soan útgiet. Hy is net makke of skepen en ek net fuortbrocht. Wy kinne inkeld fan Him sizze, dat Er fan beide útgiet<sup>1</sup>. Hy is yn folchoarder de tredde Persoan yn de Trije-ienheid, fan ienselde wêzen, majesteit en hearlikens mei de Heit en de Soan, wier en ivich God, sa't de Hillige Skriften ús leare<sup>2</sup>.

<sup>1</sup>Joh 14 : 15 – 26; Joh 15 : 26; Rom 8 : 9; <sup>2</sup>Gen 1 : 2; Mt 28 : 19; Hann 5 : 3, 4; 1 Kor 2 : 10; 1 Kor 3 : 16; 1 Kor 6 : 11; 1 Joh 5 : 6.

## Artikel 12 --- De skepping fan de wrâld; de ingels

Wy leauwe dat de Heit, troch syn Wurd – dat is troch syn Soan – de himel, de ierde en alle skepsels út neat skepen hat, doe't it Him goedtocht<sup>1</sup>. Hy hat oan elk skepsel syn eigen wêzen en stal jûn, en syn eigen taak, om syn Skepper te tsjinjen. Hy ûnderhâldt harren no ek altiten noch, en regearret harren neffens Syn ivige foarsjennichheid en troch Syn ûneinige krêft, om de minske sa te tsjinjen, dat de minske syn God tsjinje kin. Hy hat de ingels ek goed skepen om Syn seinboaden te wêzen en Syn útkarden te tsjinjen<sup>2</sup>. Somliken fan harren binne út de hege steat, dêr't God harren yn skepen hie, yn it ivich ferdjer fallen<sup>3</sup>; oaren lykwols hawwe troch Gods genede hoekhâlden en binne yn har oarspronkelike steat bleaun. De duvels en de kweageasten binne sa ferdoarn, dat se fijannen fan God en fan al it goede binne<sup>4</sup>. As moardners loere se mei alle macht op de tsjerke en op elk lid dêrfan, om alles troch har bedragerijen te fernielen en te ferwoastgjen<sup>5</sup>. Hja binne dêrom troch har eigen tsjoedens ta de ivige ûndergong feroardiele en hja ferwachtsje alle dagen har skriklike pinigenen<sup>6</sup>. Wat dat oanbelanget fersmite en ferfije wy de dwaling fan de Sadduseeërs, dy't fan it bestean fan ingels<sup>7</sup> en geasten neat witte wolle. En allyksa de dwaling fan de Manicheeërs, dy't sizze dat de duvels har oarsprong út harsels hawwe en fan natuere kwea binne; hja ûntkenne dat de duvels min wurden binne.

<sup>1</sup>Gen 1 : 1; Gen 2 : 3; Jes 40 : 26; Jer 32 : 17; Kol 1 : 15, 16; 1 Tim 4 : 3; Hebr 11 : 3; Iep 4 : 11; <sup>2</sup>Ps 103 : 20, 21; Mt 4 : 11; Hebr 1 : 14; <sup>3</sup>Joh 8 : 44; 2 Petr 2 : 4; Jud : 6; <sup>4</sup>Gen 3 : 1 – 5; 1 Petr 5 : 8; <sup>5</sup>Ef 6 : 12; Iep 12 : 4, 13 – 17; Iep 20 : 7 – 9; <sup>6</sup>Mt 8 : 29; Mt 25 : 41; Iep 20 : 10; <sup>7</sup>Hann 23 : 8.

## Artikel 13 --- De foarsjennichheid fan God

Wy leauwe dat dy goede God, nei't Er alle dingen skepen hie, dat Er dy net oan harsels oerlitten hat, of oerjûn oan it tafal of it fertún<sup>1</sup>, mar dat Er dy sa nei syn hillige wil bestjoert, dat der yn dizze wrâld neat bart bûten syn beskikking<sup>2</sup>. Lykwols is God gjin bewurker fan de sûnde dy't dien wurdt en likemin hat Er der skuld oan<sup>3</sup>. Want syn macht en goedens binne sa grut en ûnbegryplik, dat Er syn wurk tige goed en rjochtfeardich beskikt en docht, sels al hannelje de duvels en goddeleazen ûnrjochtfeardich<sup>4</sup>. En as Er dingen docht dy't ús minsklik ferstân te boppen geane, dan wolle wy ús dêr net, mear as wy dêr doel oer hawwe, nijsgjirrich ynjaan. Mar yn alle dimmenens en earbied oanbidde wy de rjochtfeardige oardielen fan God, dy't foar ús ferburgen binne<sup>5</sup>. Wy binne der tefreden mei, learlingen fan Kristus te wêzen, om allinne mar te learen wat Er ús yn syn Wurd underwiist, sûnder bûten dy grinzen te gean<sup>6</sup>.

It is yn wurden net te sizzen hoe'n treast dizze leare ús jout, om't neat ús tafallich oer komme kin, mar dat alles ús oer komt ûnder de beskikking fan ús barmhertige himelske Heit, dy't mei heitesoarch oer ús wekket, mei't Er alles wat skepen is sa ûnder Syn bewâld hâldt, dat net ien hier fan ús holle – *want dy binne allegearre teld* –, *en ek net ien moskje op 'e ierde falle kin, bûten ús Heit om* (Mattéus 10 : 30, 29). En dêr jowe wy ús rêstich op del,

want wy witte dat Er de duvels en al ús fjannan yn 'e stokken hâldt, dat se bûten Syn tastimming en wil ús gjin skea<sup>7</sup> dwaan kinne.

Dêrom fersmite wy de ôfgryslke dwaling fan de Epikureeërs, dy't sizze dat God nearne nei sjocht en alle dingen oan it tafal oerlit.

<sup>1</sup>Joh 5 : 17; Hebr 1 : 3; <sup>2</sup>Ps 115 : 3; Spr 16 : 1, 9, 33; Spr 21 : 1; Ef 1 : 11; Jak 4 : 13 – 15; <sup>3</sup>Jak 1 : 13; 1 Joh 2 : 16; <sup>4</sup>Job 1 : 21; Jes 10 : 5; Jes 45 : 7; Am 3 : 6; Hann 2 : 23; Hann 4 : 27, 28; <sup>5</sup>1 Ken 22 : 19 – 23; Rom 1 : 28; 2 Tess 2 : 11; <sup>6</sup>Deut 29 : 29; 1 Kor 4 : 6; <sup>7</sup>Gen 45 : 8; Gen 50 : 20; 2 Sam 16 : 10; Rom 8 : 28, 38, 39.

## Artikel 14 --- De skepping fan de minske; syn fal en syn ferdoarnens

Wy leauwe dat God de minske skepen hat út it stof fan de ierde<sup>1</sup> en dat Er him makke en foarme hat nei syn byld en likenis : goed, rjochtfeardich en hillich<sup>2</sup>, yn steat om syn wil yn alles mei Gods wil yn oerienstimming te bringen. Doe't de minske lykwols yn eare wie, hat er dêr gjin acht op slein en him syn treflikens net bewust west. Hy hat himsels willemoeds oan 'e sûnde ûnderwurpen en dêrtroch ek oan 'e dea en ferflokkings<sup>3</sup>, mei't er it ear nei it wurd fan 'e duvel hingje liet. Want it gebod ta it libben, dat er krigen hie, hat er oertrêde en de bân mei God, dy't syn wiere libben wie, ferbrutsen. Sadwaande hat er syn hiele natuer ferdoarn en dêrmei de lichamelike en geastlike dea<sup>4</sup> fertsjinne. Trochdat er yn al syn dwaan goddeleas, ferkeard en ferdoarn wurden is, hat er al de treflike jeften, dy't er fan God krigen hie, ferlern<sup>5</sup>. Neat hat er oerhâlden as allinne lytse oerbliuwsels dêrfan, dy't genôch binne om de minske alle ûnskuld te ûntnimmen<sup>6</sup>. Al it ljocht yn ús is nammers feroare<sup>7</sup> yn tsjusternis, sa't de Skrift ús leart : *It ljocht skynt yn it tsjuster en dochs hat it tsjuster der net oan wollen* (Johannes 1 : 5). Hjir neamt Johannes de minsken *it tsjuster*. Dêrom fersmite wy alles wat hjir tsjin leard wurdt oer de frije wil fan de minske, om't de minske neat oars as in slaaf fan 'e sûnde is en *gjin ding oannimme kin, as it him net út 'e himel wei jûn is* (Johannes 3 : 27). Want wa is der, dy't him derop foarstean litte sil út eigen krêft wat goeds dwaan te kinnen, sa't Kristus dochs seit : *Net ien kin by My komme, as myn Heit dy't My stjoerd hat, him net nei My talûkt* (Johannes 6 : 44). Wa sil wize op syn eigen wil, as er wit : *Wêr't de minske op begien is, dat is fjânskip tsjin God* (Romeinen 8 : 7)? En wa weaget it, oer syn eigen kennis te praten, as er sjocht dat *in natuerlik minske de dingen fan Gods Geast net oannimt* (1 Korintiërs 2 : 14)? Koartsein, wa sil him foarstean litte op ien eigen tinkbyld as er wit, *dat wy út ússels dat net oankinne en betink soks sels. Alles wat wy kinne komt fan God* (2 Korintiërs 3 : 5)?

En dêrom moatte wy ûnferwrigber oan it wurd fan 'e apostel fêsthâlde, *dat it God sels is dy't yn ús oan it wurk is, om't Er dat yn syn leafde wol* (Filippiërs 2 : 13). Want der is gjin kennis of wil, dy't mei dy fan God yn oerienstimming is, of Kristus hat dy yn de minske wurke, sa't Er ús seit : *Bûten My om kinne jimme neat dwaan* (Johannes 15 : 5).

<sup>1</sup>Gen 2 : 7; Gen 3 : 19; Prek 12 : 7; <sup>2</sup>Gen 1 : 26, 27; Ef 4 : 24; Kol 3 : 10; <sup>3</sup>Gen 3 : 16 – 19; Rom 5 : 12; <sup>4</sup>Gen 2 : 17; Ef 2 : 1; Ef 4 : 18; <sup>5</sup>Ps 94 : 11; Rom 3 : 10; Rom 8 : 6; <sup>6</sup>Rom 1 : 20, 21; <sup>7</sup>Ef 5 : 8.

## Artikel 15 --- De erfsûnde

Wy leauwe dat troch de oerhearrichheid fan Adam de erfsûnde him oer it hiele minsklike geslacht útwreide hat<sup>1</sup>. Dy erfsûnde is in ferdoarnens fan 'e hiele natuer<sup>2</sup> en in erflik kwea, dêr't sels de lytse bern yn 'e memmeskurte mei besmet binne<sup>3</sup>, en dy't – as út in woartel – allerhande sûnde yn 'e minske opkomme lit. Hja is dêrom sa'n griis en in grouwel foar God, dat se allinne al foldwaande is om it minsklike geslacht te feroardieljen<sup>4</sup>.

Hja is sels troch de doop net hielendal útroege, mei't de sûnde dêr altyd út opwâlet as út in fergiftige boarne<sup>5</sup>. Lykwols wurdt de erfsûnde de bern fan God net oanrekkene om harren te feroardieljen, mar se wurdt troch syn genede en barmhertigens ferjûn<sup>6</sup>, net om de leauwigen rêstich yn 'e sûnde trochlibje te litten, mar mei it doel dat it besef fan dy ferdoarnens de leauwigen fakentiids suchtsje litte soe yn it ferlangst ferlost te wurden út *it lichem dat yn 'e macht fan de dea is* (Rom 7 : 24). En dêrmei fersmite wy de dwaling fan de Pelagianen, dy't sizze dat de sûnde allinne mar út neifolging fuortkomt.

Rom 5 : 12 – 14, 19; <sup>2</sup>Rom 3 : 10; <sup>3</sup>Job 14 : 4; Ps 51 : 7; Joh 3 : 6; <sup>4</sup>Ef 2 : 3; <sup>5</sup>Rom 7 : 18, 19; <sup>6</sup>Ef 2 : 4, 5.

## Artikel 16 --- De ivige ferkiezing fan God

Wy leauwe dat God, doe't it hiele skaai fan Adam troch de sûnde fan 'e earste minske himsels yn ferdjer en ûndergong jûn hie<sup>1</sup>, Himsels bewiisd hat dat Er barmhertich en rjochtfearlich is. Barmhertich, mei't Er dyjinge út it ferdjer lûkt en ferlost, dy't Er yn syn ivige en ûnferoarlike ried<sup>2</sup>, suver en allinne út goedgeunstigens, útkeazen hat<sup>3</sup> yn Jezus Kristus, ús Hear<sup>4</sup>, sûnder op hokfoar wize ek har dieden yn oanmerking te nimmen<sup>5</sup>. Rjochtfearlich, mei't Er de oaren yn har fal en ferdjer lit, dêr't se harsels alhiel yn jûn hawwe<sup>6</sup>.

<sup>1</sup>Rom 3 : 12; <sup>2</sup>Joh 6 : 37, 44; Joh 10 : 29; Joh 17 : 2, 9, 12; Joh 18 : 9; <sup>3</sup>1 Sam 12 : 22; Ps 65 : 5; Hann 13 : 48; Rom 9 : 16; Rom 11 : 5; Tit 1 : 1; <sup>4</sup>Joh 15 : 16; Rom 8 : 29; Ef 1 : 4, 5; <sup>5</sup>Mal 1 : 2, 3; Rom 1 : 2, 3; <sup>6</sup>Rom 9 : 11 – 13; 2 Tim 1 : 9; Tit 3 : 4, 5; Rom 9 : 19 – 22; 1 Petr 2 : 8.

## Artikel 17 --- De tasizzing fan de Ferlosser

Wy leauwe dat ús goede God, doe't Er seach, dat de minske himsels sa yn de lichamlike en geastlike dea jûn hie, en folslein jammerdearlik makke hie, Himsels yn syn wûnderlike wiisheid en goedens der ta jûn hat om dy minske te sykjen, doe't dy al beevjende foar Him flechte<sup>1</sup>. En God hat him treastge mei de tasizzing him Syn Soan te jaan, *Dy't berne waard út in frou* (Galatiërs 4 : 4), *om de kop fan de slange te temoarseljen* (Genesis 3 : 15), en him foar ivich loksillich te meitsjen<sup>2</sup>.

<sup>1</sup>Gen 3 : 9; <sup>2</sup>Gen 22 : 18; Jes 7 : 14; Joh 1 : 14; Joh 5 : 46; Joh 7 : 42; Hann 13 : 32; Rom 1 : 2, 3; Gal 3 : 16; 2 Tim 2 : 8; Hebr 7 : 14.

## Artikel 18 --- De Soan fan God is minske wurden

Wy belide dus dat God de tasizzing, dy't Er oan de âldfaars dien hie troch de mûle fan syn hillige profeten<sup>1</sup>, ynlost hat mei't Er syn eigen, ivige Ienlingssoan yn 'e wrâld stjoerd hat op 'e tiid<sup>2</sup>, troch Him fêststeld. Dy *hat troch it stal fan in tsjinstfeint oan te nimmen en oan 'e minsken gelyk te wurden* (Filippiërs 2 : 7), wierliken in echt minsklike natuer oannommen, mei al syn swakkens, útsein de sûnde<sup>4</sup>. Hy is yn 'e skurte fan de loksillige faam Maria ûntfongen troch de krêft fan de hillige Geast, sûnder tadwaan fan in man<sup>5</sup>. En hy hat net allinne de minsklike natuer oannommen, foarsafier't it it lichem oanbelanget, mar ek in minsklike siel, dat Er wier in minske wêze soe. Want mei't de siel likegoed ferlern wie as it lichem, moast Er se beide oannimme om se beide te behâlden.

Dêrom belide wy tsjin de ketterij fan de Werdopers, dy't leagenje dat Kristus de minsklike natuer fan syn mem oannommen hat, dat *Kristus oan it fleis en bloed fan Gods bern dielnommen hat* (Hebreeërs 2 : 14), *dat Er ien fan Davids neiteam is* (Hannelingen 2 : 30), *dy't as minske fan David ôfstammet* (Romeinen 1 : 3), *in frucht fan de skurte fan Maria* (Lukas 1 : 42), *berne út in frou* (Galatiërs 4 : 4), *in sprút fan David* (Jeremia 33 : 15), *in leat út de woartel fan Isai* (Jesaja 11 : 1), *fuortkommen út Juda* (Hebreeërs 7 : 14), *ôfkomstich út de Joaden wat it*



*minsklike oanbelanget (Romeinen 9 : 5), út de neiteam fan Abraham<sup>6</sup>, mei't Hy de neiteam fan Abraham oannommen hat en syn bruorren yn alles gelyk wurden is, útsein de sûnde (Hebreeërs 2 : 16, 17; 4 : 15). Sa is Er wis ús Immanuël: God mei ús (Mattéus 1 : 23).*

<sup>1</sup>Gen 26 : 4; <sup>2</sup>Sam 7 : 12 – 16; Ps 132 : 11; Luk 1 : 55; Hann 13 : 23; <sup>3</sup>Gal 4 : 4; <sup>4</sup>1 Tim 2 : 5; 1 Tim 3 : 16; Hebr 2 : 14; <sup>5</sup>2 Kor 5 : 21; Hebr 7 : 26; 1 Petr 2 : 22; <sup>6</sup>Mt 1 : 18; Luk 1 : 35; <sup>7</sup>Gal 3 : 16.

## **Artikel 19 --- De twa natueren fan Kristus**

Wy leauwe dat de persoan fan de Soan troch dy ûntfangenis ûnskiedber mei de minsklike natuer<sup>1</sup> feriene en ferbûn is. Der binne dus gjin twa Soannen fan God of twa persoanen, mar twa natueren yn ien persoan feriene. Dêrby hâldt elke natuer lykwols syn ûnderskate eigenskippen. De godlike natuer is altyd ûnskepen bleaun – *syn libben hat begjin noch ein* (Hebreeërs 7 : 3) – en follet de himel en de ierde<sup>2</sup>. Lyksa hat de minsklike natuer har eigenskippen net ferlern, mar is skepsel bleaun, dat wol in begjin fan dagen hat, einich is en alles hâldt dat ta in echt lichem heart<sup>3</sup>. En alhoewol't Er dy natuer troch syn ferrizenis ûnstjerlikens jûn hat, hat Er lykwols de echtheid fan syn minsklike natuer net feroare<sup>4</sup>, om't ús sillichheid en opstanning mei fan de echtens fan syn lichem<sup>5</sup> ôfhingje.

Mar dy twa natueren binne sa yn ien persoan gearfoege, dat se sels troch syn dea net skaat west hawwe. Wat Er dus stjerrend yn de hannen fan Syn Heit betroud hat, wie in echt minsklike geast, dy't út syn lichem skate<sup>6</sup>; mar ûnderwilens bleau de godlike natuer altyd feriene mei de minsklike, sels doe't Er yn it grêf lei<sup>7</sup>. Syn godheid hold net op yn Him te wêzen, lykas dy yn Him wie, doe't Er in lyts bern wie, alhoewol't dy him foar in koarte tiid sa net iepenbiere. Dêrom belide wy dat Er wier God en wier minske is : wier God, om troch syn krêft de dea te oerwinnen, en wier minske, om foar ús stjerre te kinnen fanwegen de swakkens fan syn minsklike natuer.

<sup>1</sup>Joh 1 : 14; Joh 10 : 30; Rom 9 : 5; Fil 2 : 6, 7; <sup>2</sup>Mt 28 : 20; <sup>3</sup>1 Tim 2 : 5; <sup>4</sup>Mt 26 : 11; Luk 24 : 39; Joh 20 : 25; Hann 1 : 3, 11; Hann 3 : 21; Hebr 2 : 9; <sup>5</sup>1 Kor 15 : 21; Fil 3 : 21; <sup>6</sup>Mt 27 : 50; <sup>7</sup>Rom 1 : 4.

## **Artikel 20 --- God syn rjochtfeardigens en barmhertigens yn Kristus**

Wy leauwe dat God, dy't folslein barmhertich en rjochtfeardich is, syn Soan stjoerd hat om de natuer dêr't de oerhearrichheid yn begien wie, oan te nimmen<sup>1</sup> en om dêryn de skuld te foldwaan en de straf foar de sûnde te dragen<sup>2</sup> troch Syn tige bitter lijen en stjerren. Sa hat God syn rjochtfeardigens foar syn Soan oer betoand, doe't Er ús sûnden op Him lade<sup>3</sup>. Hy hat Syn goedens en barmhertigens oer ús útstoart, ús dy't skuldich wienen en de feroardieling weardich. Want yn folsleine leafde hat er Syn Soan foar ús yn de dea jûn en Him opwekke ta ús rjochtfeardiging<sup>4</sup>, dat wy troch Him de ûnstjerlikens en it ivige libben hawwe soenen.

<sup>1</sup>Rom 8 : 3; <sup>2</sup>Hebr 2 : 14; <sup>3</sup>Rom 3 : 25, 25; Rom 8 : 32; <sup>4</sup>Rom 4 : 25.

## **Artikel 21 --- Kristus hat foar ús sûnden foldien**

Wy leauwe dat Jezus Kristus in ivige Hegepryster is nei de wize fan Melchisedek en dat God dat mei in eed befêstige hat. Hy hat himsels yn ús plak foar syn Heit steld om Dy syn grime te stiljen<sup>2</sup> troch in folsleine foldwaning. Dêrta hat Er Himsels oan it krúshout offere en syn kostber bloed fergetten om ús fan ús sûnden te reinigjen<sup>3</sup>, sa't de profeten foarsein hienen.<sup>4</sup>

Der is ommers skreaun, *de straf dy't ús de frede bringt, hat Hy droegen en troch syn strimen mocht ús betterskip barre<sup>5</sup>; as in laam liet er Him nei de slachtbank bringe, en Hy is ta de sûnders rekkene<sup>6</sup>* (Jesaja 53 : 5, 7, 12). As

in misdiediger is Er feroardiele troch Pontius Pilatus, hoewol't dy Him ûnskuldich ferklearre hie<sup>7</sup>. *Sa hat Hy weromjûn wat Hy net iens weinommen hie* (Psalm 69 : 5) *en Hy is stoarn as rjochtfeardige foar de ûnrjochtfeardigen*<sup>8</sup> (1 Petrus 3 : 18), sawol wat syn lichem as syn siel oanbelanget<sup>9</sup>, sadat Er dy skriklike straf field hat, dy't wy troch ús sûnden fertsjinne hienen, *en syn swit foel as drippen bloed op 'e grûn* (Lukas 22 : 44). Hy hat roppen : *Myn God, myn God, wêrom hawwe Jo My ferlitten ?* (Mattéus 27 : 46). En dat hat Er allegearre lit om wille fan 'e ferjouwing fan ús sûnden. Dêrom is it mei rjocht en reden as wy mei Paulus sizze, *dat wy neat oars witte as Jezus Kristus en Dy oan it krús slein* (1 Korintiërs 2 : 2); *wy sjogge alles as ferlies, want it kennen fan Jezus Kristus, ús Hear, giet alles te boppe* (Filippiërs 3 : 8). Yn syn wûnen fine wy alle fertreasting, en wy hoege gjin oar middel te sykjen of út te tinken om ús mei God te fersoenjjen njonken *dit iene offer, dat ienris bard is*. Dêrmei hat *Er har dy't har hilligje litte, foargoed folslein makke*<sup>10</sup> (Hebreeërs 10 : 14). Dat is ek de reden, wêrom't Er troch de ingel fan God neamd is : Jezus, dat is, Ferlosser, *want Hy sil syn folk fan 'e sûnden ferlosse*<sup>11</sup> (Mattéus 1 : 21).

<sup>1</sup>Ps 110 : 4; Hebr 7 : 15 – 17; <sup>2</sup>Rom 4 : 25; Rom 5 : 8, 9; Rom 8 : 32; Gal 3 : 13; Kol 2 : 14; Hebr 2 : 9, 17; Hebr 9 : 11 – 15; <sup>3</sup>Hann 2 : 23; Fil 2 : 8; 1 Tim 1 : 15; Hebr 9 : 22; 1 Petr 1 : 18, 19; 1 Joh 1 : 7; Iep 7 : 14; <sup>4</sup>Luk 24 : 25 – 27; Rom 3 : 21; 1 Kor 15 : 3; <sup>5</sup>1 Petr 2 : 24; <sup>6</sup>Mk 15 : 28; <sup>7</sup>Joh 18 : 38; <sup>8</sup>Rom 5 : 6; <sup>9</sup>Ps 22 : 16; <sup>10</sup>Hebr 7 : 26 – 28; Hebr 9 : 24 – 28; <sup>11</sup>Luk 1 : 31; Hann 4 : 12.

## Artikel 22 --- De rjochtfeardiging troch it leauwe yn Jezus Kristus

Wy leauwe dat de hillige Geast, om ús it rjochte ynsjoch yn dizze grutte ferburgenheid te jaan, yn ús herten in wier leauwe ûntstekt<sup>1</sup>, dat Jezus Kristus mei al syn fertsjinsten omearmet en makket dat Er uzes wurdt, en wy neat mear bûten Him sykje<sup>2</sup>. Want ien fan beide: of net alles dat ta ús sillichheid nedich is, is yn Jezus Kristus; of dit is allegearre wol yn Him en dan hat dyjinge, dy't Jezus Kristus troch it leauwe besit, ek de folsleine sillichheid<sup>3</sup>. Om lykwols te sizzen, dat Kristus net foldwaande is, mar dat der njonken Him noch wat oars nedich is, dat soe in al te skriklike godslaster wêze. Dat soe ommers ynhâlde, dat Kristus mar in heale Heilân wêze soe. Dêrom sizze wy mei rjocht en reden, krekt lykas Paulus, *dat in minske troch it leauwen frijsprutsen wurdt, los fan 'e dieden dy't de wet foarskriuwt*<sup>4</sup> (Romeinen 3 : 28). Dêr bedoele wy lykwols net mei, dat it, om it krekt te sizzen, it leauwe sels is, dat ús rjochtfeardiget<sup>5</sup>; want it leauwe is mar in middel, dêr't wy Kristus, ús rjochtfeardichheid mei omearmje. Mar Jezus Kristus is ús rjochtfeardichheid<sup>6</sup>, mei't Er ús al syn fertsjinsten en alle hillige wurken dy't Er foar ús en yn ús plak dien hat, tareknet..En it leauwe is in middel, dat ús mei Him yn 'e mienskip fan al syn skatten en jeften hâldt. As dy uzes wurden binne, binne hja foldwaande is om ús fan ús sûnden frij te sprekken.

<sup>1</sup>Joh 16 : 14; 1 Kor 2 : 12; Ef 1 : 17, 18; <sup>2</sup>Joh 14 : 6; Hann 4:12; Gal 2 : 21; <sup>3</sup>Ps 32 : 1; Mt 1 : 21; Luk 1 : 77; Hann 13 : 38, 39; Rom 8 : 1; <sup>4</sup>Rom 3 : 19 – 4 : 8; Rom 10 : 4 – 11; Gal 2 : 16; Fil 3 : 9; Tit 3 : 5; <sup>5</sup>1 Kor 4 : 7; <sup>6</sup>Jer 23 : 6; Mt 20 : 28; Rom 8 : 33; 1 Kor 1 : 30, 31; 2 Kor 5 : 21; 1 Joh 4 : 10.

## Artikel 23 --- Us rjochtfeardichheid foar God yn Kristus

Wy leauwe dat ús heil yn de ferjowing fan ús sûnden leit om 'e wille fan Jezus Kristus, en dat dêryn ús rjochtfeardichheid foar God<sup>1</sup> bestiet. Dat leare David en Paulus ús, as se ferklearje : *Hoe gelokkich is de minske, oan wa't de Hear de gerjochtichheid tareknet, los fan syn wurken* (ferl. Psalm 32 : 2, Romeinen 4 : 6). En deselde apostel seit, *dat wy frijsprutsen wurde, inkeld en allinne troch syn genede, fanwege de ferlossing yn Jezus Kristus*<sup>2</sup> (Romeinen 3 : 24). Dêrom hâlde wy ús altyd oan dat fûnemint fêst. Dêryn jouwe wy God<sup>3</sup> alle eare, fernederje wy ús en komme der foar út, hokker minsken of't wy binne. Wy litte ús net foarstean<sup>4</sup> op eat dat

fan ússels is of op eigen fertsjinsten, mar wy lynje<sup>5</sup> allinne op de hearrigens fan de krusige Kristus, en rêsten dêryn. En dy hearrigens is uzes, wannear't wy yn Him leauwe<sup>6</sup>, en foldwaande om al ús ûngerjochtigens te bedekken en ús frijmoedigens te jaan om ta God te gean, mei't ús gewisse frijmakke is fan freze, besauwing en ferskrikking. Wy dogge dat net lykas ús earste heit Adam, dy't him al beevjende mei figeblêden bedekke woe<sup>7</sup>. En wiswier, as wy foar God ferskine moasten, wylst wy op ússels of hokker oar skepsel, foar hoe'n bytsje ek, linen – och, wy soenen ferswolge wurde<sup>8</sup>! Dêrom moat elkenien mei David sizze : Hear, *Gean mei jo tsjinner net yn 'e pleit, want gjin minske is foar Jo rjochtfeardich* (Psalm 143 : 2).

<sup>1</sup>1 Joh 2 : 1; <sup>2</sup>2 Kor 5 : 18, 19; Ef 2 : 8; 1 Tim 2 : 6; <sup>3</sup>Ps 115 : 1; Iep 7 : 10 – 12; <sup>4</sup>1 Kor 4 : 4; Jak 2 : 10; <sup>5</sup>Hann 4 : 12; Hebr 10 : 20; <sup>6</sup>Rom 4 : 23 – 25; <sup>7</sup>Gen 3 : 7; SEf 3 : 11; Hebr 4 : 16; 1 Joh 4 : 17 – 19; <sup>8</sup>Luk 16 : 15; Fil 3 : 4 – 9

## Artikel 24 --- De hilliging

Wy leauwe dat dit wiere leauwe, nei't it yn de minske oansetten is troch it hearren fan it Wurd fan God en de wurking fan de hillige Geast<sup>1</sup>, him fannijs bernet en in nij minske fan him makket<sup>2</sup>. Dat wiere leauwe lit him libje yn in nij libben en makket him frij fan de slavernij fan 'e sûnde<sup>3</sup>.

Dêrom is der gjin sprake fan dat dit rjochtfeardigjend leauwe de minsken ûnferskillich meitsje soe foar yn in from en hillich libben<sup>4</sup>. Krekt oarsom, hja sille sûnder dit leauwe nea of te ninter wat dwaan út leafde ta God<sup>5</sup>, mar allinne út leafde ta harsels en út 'e benaudens wei dat se feroardiele wurde sille. It is dus ûnmooglik dat dit hillich leauwe sûnder wurking wêze soe yn de minske. Wy prate ommers net fan in ûnfruchtber leauwe mar fan in leauwe, dêr't de Skrift fan seit, *dat it syn wurk docht troch de leafde* (Galatiërs 5 : 6). It bringt de minske derta him te oefenjen yn de deden, dy't God yn syn Wurd hjitten hat. Dy deden binne, as se út de goede woartel fan it leauwe fuortkomme, goed en noflik foar God, mei't se allegearre troch syn genede hillige binne.

Dochs wurde ús goede wurken net yn rekken brocht om ús te rjochtfeardigjen, want troch it leauwe yn Kristus wurde wy rjochtfeardige, sels ear't wy goede deden dogge<sup>6</sup>. Oars soenen der gjin goede wurken wêze kinne, likemin as in frucht fan in beam goed wêze kin, as de beam net doocht<sup>7</sup>. Wy dogge dus goede wurken, mar net om wat te fertsjinjen – want wat soenen wy fertsjinje kinne? Mar boppedat, wy binne God de goede deden dy't wy dogge, skuldich en Hy ús net<sup>8</sup>. *Want God sels is it dy't it wollen en it wurkjen yn ús teweech bringt, om't Er dat yn syn leafde wol* (Filippiërs 2 : 13). Lit ús dêrom neininme, wat skreaun is : *As jimme alles dien hawwe, wat jim oplein is, sis dan : Wy binne mar hiele gewoane feinten, wy hawwe oars net dien as ús plicht* (Lukas 17 : 10). Dochs wolle wy dêr net mei sizze, dat God de goede deden net leanje sil<sup>9</sup>; it is lykwols troch syn genede dat Er syn jeften kroanet.

Fierder, al dogge wy dan al goede deden, lykwols grûnje wy ús silligens dêr net op; want wy kinne neat dwaan, of it is mei sûnde besmet en dêrtroch strafwaardich<sup>10</sup>. En al soenen wy ien goed wurk oanwize kinne, dan soe dochs it oantinken oan ien inkelde sûnde genôch wêze dat God it ôfwize soe<sup>11</sup>. Sa soenen wy altyd yn twivel hinne en wer dreaun wurde, sûnder iennige wissichheid en ús earme gewisse soe altyd pleage wurde, as it net op de fertsjinste fan it lijen en stjerren fan ús Heilân line soe<sup>12</sup>.

<sup>1</sup>Hann 16 : 14; Rom 10 : 17; 1 Kor 12 : 3; <sup>2</sup>Ezech 36 : 26, 27; Joh 1 : 12, 13; Joh 3 : 5; Ef 2 : 4 – 6; Tit 3 : 5; 1 Petr 1 : 23; <sup>3</sup>Joh 5 : 24; Joh 8 : 36; Rom 6 : 4 – 6; 1 Joh 3 : 9; <sup>4</sup>Gal 5 : 22; Tit 2 : 12; <sup>5</sup>Joh 15 : 5 Rom 14 : 23; 1 Tim 1 : 5; Hebr 11 : 4, 6; <sup>6</sup>Rom 4 : 5; <sup>7</sup>Mt 7 : 17; <sup>8</sup>1 Kor 1 : 30, 31; 1 Kor 4 : 7; Ef 2 : 10; <sup>9</sup>Rom 2 : 6, 7; 1 Kor 3 : 14; 2 Joh : 8; Iep 2 : 23; <sup>10</sup>Rom 7 : 21; <sup>11</sup>Jak 2 : 10; <sup>12</sup>Hab 2 : 4; Mt 11 : 28; Rom 10 : 11.

## Artikel 25 --- Kristus de ferfoling fan de wet

Wy leauwe dat de skaadeftige earetsjinst fan it âlde ferbûn en de wisânsjes dy't troch de wet foarskreaun wienen, ôfdien hawwe mei de komst fan Kristus en dat sadwaande al dizze skaden ta in ein kommen binne<sup>1</sup>. Dêrom moatte Kristenen dy ek net mear hânhavenje. Lykwols bliuwt de wierheid en it wêzen dêrfan foar ús yn Kristus Jezus, yn Wa't se har ferfoling fûn hawwe<sup>2</sup>.

Underwilens brûke wy noch de tsjûgenissen út de Wet en de Profeten om ús yn it Evangeelje te befêstigjen en ek om ús libben nei de wil fan God yn te rjochtsjen yn alle earberens<sup>3</sup>, ta Syn eare.

<sup>1</sup>Mt 27 : 51; Rom 10 : 4; Hebr 9 : 9, 10; <sup>2</sup>Mt 5 : 17; Gal 3 : 24; Kol 2 : 17; <sup>3</sup>Rom 13 : 8 – 10; Rom 15 : 4; 2 Petr 1 : 19; 2 Petr 3 : 2.

## Artikel 26 --- Kristus is ús iennichste pleiter

Wy leauwe dat wy oars gjin tagong ta God hawwe as allinne troch de iennichste Middeler<sup>1</sup> en Pleiter Jezus Kristus, de Rjochtfeardige<sup>2</sup>. Dêrta is Er minske wurden en hat Er de godlike en minsklike natuer feriene om ús minsken tagong te jaan ta de Godlike Majesteit<sup>3</sup>. Oars soe de tagong foar ús sletten wêze. Mar dizze Middeler, dy't de Heit ús tusken Him en ús jûn hat, moat ús troch syn ferhevenens gjin skrik oanjeie, dat wy nei in oarenien, neffens ús goedtinken, sykje soenen. Want der is net ien, yn de himel net, of op 'e ierde ûnder de skepsels, dy't ús mear leaf hat as Jezus Kristus<sup>4</sup>. *Hy hie it stal fan God, mar hâlde der net mei alle macht oan fêst om oan God gelyk te bliuwe. Nee, Hy hat ynstee Himsels priisjûn troch it stal fan in tsjinstfeint oan te nimmen* (Filippiërs 2 : 6, 7) en *oan syn bruorren yn alles gelyk te wurden* (Hebreeërs 2 : 17).

As wy no in oare Middeler sykje moasten, dy't ús goedgeunstich wie, wa soenen wy dan fine kinne dy't ús mear leaf hat as Hy dy't syn libben litten hat, ek *doe't wy syn fijannen wienen?* (Romeinen 5 : 8, 10). En as wy ien sykje moasten, dy't macht en oansjen hat, wa soe der wêze, dy't dêr safolle fan hat as Hy, dy't oan de rjochterhân fan syn Heit sit<sup>5</sup> en *dy't alle macht hat yn himel en op ierde?* (Mattéus 28 : 18). En wa soe earder ferheard wurde as de eigen, tige beminde Soan fan God<sup>6</sup>?

It is dus suver mistrouwen dat ta it ûntearjen fan 'e hilligen laat hat, ynstee fan harren te earjen. Want hja dogge wat dyselden nea dien of begeard hawwe, mar aloan nei har plicht fersmiten hawwe<sup>7</sup>, sa't út har skriften bliken docht.

Dêr kin ús ûnweardigheid net tsjin ynbrocht wurde, want it giet der hjir net om, dat wy ús gebedens op grûn fan ús weardichheid foar God bringe soene, mar wy dogge dat allinne op grûn fan de treflikens en weardichheid fan ús Hear Jezus Kristus<sup>8</sup>, want dy syn rjochtfeardigens is uzes ommers troch it leauwe<sup>9</sup>. Dêrom seit de Skrift tsjin ús, wannear't hja dy dwaze eangst, of leaver sein, dat mistrouwen by ús weinimme wol, dat *Jezus Kristus yn alles syn bruorren gelyk wurden is, dat Er in barmhertich en trou hegepryster yn tsjinst fan God wêze soe, om de sûnden fan it folk te fermoedsoenjen. Want dy 't troch de sûnde oanfochten wurde, kin Hy helpe*<sup>10</sup>. (Hebreeërs 2 : 17, 18.) En dêrnei, om ús noch mear moed te jaan om nei Him ta te gean, seit de Skrift fierder: *No't wy dan in grutte hegepryster hawwe, dy't troch de himel hinne gien is, Jezus, de Soan fan God, lit ús oan dy belidenis fêsthâlde. Want de hegepryster dy't wy hawwe, is net ien dy't gjin meilijen mei ús swakheden hawwe kin, nee, Hy is ien dy't krekt as wy oer alle boegen troch de sûnde oanfochten west hat. Mar Hy is noait ta sûnde ferfallen. Lit ús dêrom mei frijmoedigens gean nei de troan fan ús genedige God. Dan sille wy barmhertigheid krije en genede fine en sa op it goede momint holpen wurde* (Hebreeërs 4 : 14 – 16). Yn itselde brief seit de Skrift : *Wy hawwe no, bruorren, alle frij om ta it hillichdom yn te gean troch it bloed fan Jezus [...] Lit ús dêrom ta God gean, mei in oprjocht hert en yn 'e folle oertsjûging fan it leauwen* (Hebreeërs 10 : 19, 22). Allyksa : *Kristus hat in*

*prysterskip dat net op in oarenien oergiet, om't Er yn ivichheid bliuwt. Dêrom kin Er de minsken dy't troch Him ta God geane, foar altyd rêde, om't Er altiten libbet om foar har op te kommen*<sup>11</sup> (Hebreeërs 7 : 24, 25).

Wat wolle wy noch mear, mei't Kristus sels mei klam seit : *Ik bin de wei, de wierheid en it libben; net ien komt by myn Heit as troch My* (Johannes 14 : 6). Wêrfoar soenen wy in oare pleiter sykje, no't it God behage hat ús syn Soan as Pleiter te jaan ? Lit ús Him dan net slûpe litte om in oarenien te sykjen en dy dochs nea te finen.

Want doe't God Him oan ús jûn hat, doe wist Er wol dat wy sûnders wienen. Dêrom roppe wy, neffens it befel fan Kristus, de himelske Heit oan troch Kristus, ús iennichste Middeler<sup>12</sup>, sa't wy yn it gebed fan de Hear leard hawwe<sup>13</sup>; en wy binne der wis fan *dat as wy de Heit wat freegje, Hy it ús jaan sil, om Kristus*<sup>14</sup> (Johannes 16 : 23).

<sup>1</sup>Tim 2 : 5; <sup>2</sup>Joh 2 : 1; <sup>3</sup>Ef 3 : 12; <sup>4</sup>Mt 11 : 28; Joh 15 : 13; Ef 3 : 19; 1 Joh 4 : 10; <sup>5</sup>Hebr 1 : 3; Hebr 8 : 1; <sup>6</sup>Mt 3 : 17; Joh 11 : 42; Ef 1 : 6; <sup>7</sup>Hann 10 : 26; Hann 14 : 15; <sup>8</sup>Jer 17 : 5, 7; Hann 4 : 12; <sup>9</sup>1 Kor 1 : 30; <sup>10</sup>Joh 10 : 9; Ef 2 : 18; Hebr 9 : 24; <sup>11</sup>Rom 8 : 34; <sup>12</sup>Hebr 13 : 15; <sup>13</sup>Mt 6 : 9 – 13; Luk 11 : 2 – 4; <sup>14</sup>Joh 14 : 13.

## **Artikel 27 --- De katolike of algemiene tsjerke**

Wy leauwe en belide ien katolike of algemiene tsjerke<sup>1</sup>. Hja is in hillige mienskip<sup>2</sup> fan de wiere leauwigen, dy't al har heil fan Kristus Jezus ferwachtsje<sup>3</sup>, dy't wosken binne troch syn bloed, en dy't hillige en fersegele binne troch de hillige Geast<sup>4</sup>.

Dy tsjerke hat der west fan it begjin fan 'e wrâld ôf, en sil der wêze oan 'e ein ta. Want Kristus is in ivich Kening, dy't net sûnder ûnderdienen wêze kin<sup>5</sup>. En dy hillige tsjerke wurdt troch God bewarre en yn stân hâlden, tsjin it oangean fan de hiele wrâld yn<sup>6</sup>. Lykwols kin se bytiden tige lyts wêze, en kin it yn de eagen fan de minsken lykje as wie se hielendal weiwurden<sup>7</sup>. Sa hat de Hear Him yn de gefaarlike tiden ûnder Achab sântûzen minsken behâlden, dy't de knibbels net foar Baäl bûgd hienen<sup>8</sup>.

Fierders is dy hillige tsjerke ek net fêstige yn, bûn oan, of beheind ta in beskaat plak of bûn oan beskate persoanen, mar hja is ferspraat en fersille oer de hiele wrâld<sup>9</sup>. Lykwols is se mei hert en sin gearfoege en feriene yn ien en deselde Geast, troch de krêft fan it leauwe<sup>10</sup>.

<sup>1</sup>Gen 22 : 18; Jes 49 : 6; Ef 2 : 17 – 19; <sup>2</sup>Ps 111 : 1; Joh 10 : 14, 16; Ef 4 : 3 – 6; Hebr 12 : 22, 23; <sup>3</sup>Joël 2 : 32; Hann 2 : 21; <sup>4</sup>Ef 1 : 13; Ef 4 : 30; <sup>5</sup>2 Sam 7 : 16; Ps 89 : 37; Ps 110 : 4; Mt 28 : 18, 20; Luk 1 : 32; <sup>6</sup>Ps 46 : 6; Mt 16 : 18; <sup>7</sup>Jes 1 : 9; 1 Petr 3 : 20; Iep 11 : 7; <sup>8</sup>1 Ken 19 : 18; Rom 11 : 4; <sup>9</sup>Mt 23 : 8; Joh 4 : 21 – 23; Rom 10 : 12, 13; <sup>10</sup>Ps 119 : 63; Hann 4 : 32; Ef 4 : 4.

## **Artikel 28 --- De ropping om jin by de tsjerke te jaan**

Wy leauwe dat gjinien, hokker posysje er ek hat, him fan dizze hillige samling ôfsidich hâlde mei en bliuw op himsels. Want yn dizze gearkomste komme dyjinge gear dy't behâlden bliuwe, en bûten har is gjin heil. Dêrom moat elkenien him by har jaan en mei har ferienigje<sup>2</sup>. Sa wurdt de ienheid fan de tsjerke bewarre; hja ûnderwerpe harren oan har ûnderwizing en tucht<sup>3</sup> en bûge sadwaande de nekke ûnder it jok fan Jezus Kristus<sup>4</sup>, tsjinje it opbouwen fan de bruorren en susters<sup>5</sup> mei de jeften dy't God harren jûn hat, as leden fan itselde lichem<sup>6</sup>.

Om dat nammerste better neikomme te kinnen, is it de ropping fan alle leauwigen, nei it wurd fan God, harren ôf te skieden fan dyjingen dy't net fan de tsjerke binne<sup>7</sup> en harren by dizze mienskip te jaan<sup>8</sup>, op hokker plak God dy ek steld hat, sels al soenen de machthawwers of de wetten fan de oerheid dertsjin yngean en sels al soenen de dea of de ien of oare lichamelike straf dermei mank wêze<sup>9</sup>.

It is dus sa, dat elk dy't him fan har ôfsûnderet of him der net by jout, tsjin it befel fan God hannelet.

<sup>1</sup>Mt 16 : 18, 19; Hann 2 : 47; Gal 4 : 26; Ef 5 : 25 – 27; Hebr 2 : 11, 12; Hebr 12 : 23; <sup>2</sup>Kron 30 : 8; Joh 17 : 21; Kol 3 : 15; <sup>3</sup>Hebr 13 : 17; <sup>4</sup>Mt 11 : 28 – 30; <sup>5</sup>Ef 4 : 12; <sup>6</sup>1 Kor 12 : 7, 27; Ef 4 : 16; <sup>7</sup>Num. 16 : 23 – 26; Jes 52 : 11, 12; Hann 2 : 40; Rom 16 : 17; Iep 18 : 4; <sup>8</sup>Ps 122 : 1; Jes 2 : 3; Hebr 10 : 25; <sup>9</sup>Hann 4 : 19, 20.

## **Artikel 29 --- De skaaimerken fan de wiere tsjerke, fan har leden en fan de falske tsjerke**

Wy leauwe dat wy mei soarch en tige hoeden út it Wurd fan God ûnderskiede moatte, hokker de wiere tsjerke is. Ommers alle sekten dy't der hjoed-de-dei yn 'e wrâld binne, ferskûlje harren efter de namme fan tsjerke<sup>1</sup>. Wy hawwe it hjir net oer it selskip fan skynhilligen, dy't yn de tsjerke mank de oprjochte leauwigen binne, mar lykwols net ta de tsjerke hearre, alhoewol't se sa te sjen derby hearre<sup>2</sup>; mar wy bedoele, dat it lichem en de mienskip fan de wiere tsjerke ûnderskaat wurde moat fan alle sekten, dy't úthâlde, dat se de tsjerke binne. De skaaimerken om de wiere tsjerke te kennen, binne dizze : oft de tsjerke de suvere ferkundiging fan it Evangeelje beoefenet<sup>3</sup>; oft se de suvere betsjinning fan de sakraminten ûnderhâldt<sup>4</sup>, sa't Kristus dy ynsteld hat; oft de tsjerklike tucht tapast wurdt om de sûnden te straffen<sup>5</sup>. Koartsein, oft se har hâldt en draacht neffens it suvere wurd fan God en alle dingen dy't dêr tsjinyn geane, fersmyt<sup>7</sup> en Jezus Kristus foar it iennige Haad<sup>8</sup> fan de tsjerke hâldt. Dêrtroch kinne wy der wis fan wêze, dat wy mei de wiere tsjerke fan dwaan hawwe; en gjinien hat it rjocht en skied him dêr fan ôf.

Dyjingen, dy't by de tsjerke hearre, binne oan de skaaimerken fan de Kristenen te kennen, te witten oan har leauwen<sup>9</sup> en oft hja, nei't se de iennige Heilân Jezus Kristus oannommen hawwe, de sûnde ûntflechtsje en nei de gerjochtichheid stribje<sup>10</sup>, de wiere God en har neiste leafhawwe<sup>11</sup>, net ôfwike nei rjochts of nei links en har minsklike natuer mei syn wurken krusigje<sup>12</sup>. Dat wol net sizze, dat der noch gjin grutte swakkens yn harren wêze soe, mar troch de Geast stride se alle dagen dei dêr tsjin, har hiele libben lang<sup>13</sup>. Hja nimme hieltyd wer har taflecht ta it bloed, de dea, it lijen en de hearrigens fan de Hear Jezus, yn Wa't se de ferjouwing fan har sûnden hawwe, troch it leauwen yn Him<sup>14</sup>.

De falske tsjerke lykwols skriuwt oan harsels en oan har foarskriften mear macht en gesach ta as oan it wurd fan God en oan it jok fan Kristus wol se har net ûnderwerpe<sup>15</sup>. Hja betsjinnet de sakraminten net sa't Kristus dy yn syn Wurd foarskreaun hat, mar hja docht der ôf of ta, nei eigen goeditinken. Hja grûnet har mear op de minsken as op Kristus. Hja ferfolget harren, dy't hillich libje neffens it wurd fan God en dy't harren bestraffe oer har sûnden, habsucht en ôfgoaderij<sup>16</sup>.

Dy beide tsjerken binne maklik te kennen en fan inoar te ûnderskieden.

<sup>1</sup>Iep 2 : 9; <sup>2</sup>Rom 9 : 6; <sup>3</sup>Gal 1 : 8; 1 Tim 3 : 15; <sup>4</sup>Hann 19 : 3 – 5; 1 Kor 11 : 20 – 29; <sup>5</sup>Mt 18 : 15 – 17; 1 Kor 5 : 4, 5, 13; 2 Tess 3 : 6, 14; Tit 3 : 10; <sup>6</sup>Joh 8 : 47; Joh 17 : 20; Hann 17 : 11; Ef 2 : 20; Kol 1 : 23; 1 Tim 6 : 3; <sup>7</sup>1 Tess 5 : 21; 1 Tim 6 : 20; Iep 2 : 6; <sup>8</sup>Joh 10 : 14; Ef 5 : 23; Kol 1 : 18; <sup>9</sup>Joh 1 : 12; 1 Joh 4 : 2; <sup>10</sup>Rom 6 : 2; Fil 3 : 12; <sup>11</sup>1 Joh 4 : 19 – 21; <sup>12</sup>Gal 5 : 24; <sup>13</sup>Rom 7 : 15; Gal 5 : 17; <sup>14</sup>Rom 7 : 24, 25; 1 Joh 1 : 7 – 9; <sup>15</sup>Hann 4 : 17, 18; 2 Tim 4 : 3, 4; 2 Joh : 9; <sup>16</sup>Joh 16 : 2.

## **Artikel 30 --- It regear fan de tsjerke**

Wy leauwe dat dy wiere tsjerke geastlik regearre wurde moat op 'e wize dy't de Hear ús yn syn Wurd leard hat<sup>1</sup>; nammentlik dat der tsjinners of hoeders wêze moatte om Gods Wurd te ferkundigjen en de sakraminten te betsjinjen<sup>2</sup> en fierders opsjenners<sup>3</sup> en diakens<sup>4</sup>, om mei de hoeders in ried fan de tsjerke te foarmjen<sup>5</sup>. Sa moatte se de wiere godtsjinst ûnderhâlde en soargjen dat de wiere leare him útwreidzje kin, dat de minsken dy't ferkeard wolle op geastlike wize straft en yn 'e stokken hâlden wurde, en dat de earmen of beneare minsken holpen en treaste wurde, nei't se der ferlet fan hawwe<sup>6</sup>.

Op dy wize sille alle dingen yn 'e tsjerke yn goede oarder ferrinne, as minsken keazen wurde dy't trou binne<sup>7</sup>, neffens de regel dy't de apostel Paulus yn it brief oan Timoteüs<sup>8</sup> foarskriuwt.

<sup>1</sup>Hann 20 : 28; Ef 4 : 11, 12; 1 Tim 3 : 15; Hebr 13 : 20, 21; <sup>2</sup>Luk 1 : 2; Luk 10 : 16; Joh 20 : 23; Rom 10 : 14; 1 Kor 4 : 1; 2 Kor 5 : 19, 20; 2 Tim 4 : 2; <sup>3</sup>Hann 14 : 23; Tit 1 : 5; <sup>4</sup>1 Tim 3 : 8 – 10; <sup>5</sup>Fil 1 : 1; 1 Tim 4 : 14; <sup>6</sup>Hann 6 : 1 – 4; Tit 1 : 7 – 9; <sup>7</sup>1 Kor 4 : 2; <sup>8</sup>1 Tim 3.

### **Artikel 31 --- De amten yn de tsjerke**

Wy leauwe dat de tsjinnern fan it Wurd fan God, de âlderlingen en de diakens ta har amten keazen hearre te wurden troch de wei fan wettige ferkiezing troch de tsjerke, ûnder oanroping fan Gods namme en yn goede oarder, sa't it Wurd fan God leart<sup>1</sup>.

Elkenien moat him der dus foar wachtsje mei ûnfoechsume middels yn te kringen, mar hy moat de tiid ôfwachtsje, dat er fan God roppen wurdt, om dêryn it oertsjoegjend bewiis te hawwen, dat syn ropping fan de Hear komt<sup>2</sup>.

En wat de tsjinnern fan it Wurd oanbelanget, dy hawwe allegear in selde macht en gesach, yn hokker plak se ek steane, mei't se allegear tsjinnern binne fan Jezus Kristus<sup>3</sup>, de iennige algemiene Biskop en it iennige Haad fan de tsjerke<sup>4</sup>.

Boppedat, de hillige feroardering fan God mei net skeind of leechlein wurde. Dêrom sizze wy, dat elkenien de tsjinnern fan it Wurd en de âlderlingen fan de tsjerke heechachtsje moat fanwegen it wurk dat se dogge<sup>5</sup>.

Elkenien moat, safolle as mooglik is, frede mei harren hâlde sûnder tsjinakseljen, tsierderij of ûnienigens.

<sup>1</sup>Hann 1 : 23, 24; Hann 6 : 2, 3; <sup>2</sup>Hann 13 : 2, 1; 1 Kor 12 : 28; 1 Tim 4 : 14; 1 Tim 5 : 22; Hebr 5 : 4; <sup>3</sup>2 Kor 5 : 20; 1 Petr 5 : 1 – 4; <sup>4</sup>Mt 23 : 8, 10; Ef 1 : 22; Ef 5 : 23; <sup>5</sup>1 Tess 5 : 12, 13; 1 Tim 5 : 17; Hebr 13 : 17.

### **Artikel 32 --- De oarder en de tucht yn de tsjerke**

Wy leauwe dat, hoewol't it nuttich en goed is dat de regearders fan de tsjerke ûnder inoar beskate regels opmeitsje en fêststelle om it lichem fan de tsjerke yn stân te hâlden, hja lykwols der tige om tinke moatte, dat se net ôfwike fan wat Kristus, ús iennige Master, ús opdroegen hat<sup>1</sup>.

Dêrom fersmite wy alle minsklike betinksels en alle wetten dy't se fan doel wêze soenen yn te fieren om God te tsjinjen en dêrtroch op hokker wize ek, it gewisse te binen en te twingen<sup>2</sup>. Wy nimme dus allinne oan, wat tsjinje kin om ienriedigens en ienheid te befoarderjen en te bewarjen en om elkenien te hâlden by de hearrigens oan God<sup>3</sup>.

Dêrta is de ôfsnijning út de mienskip fan 'e tsjerke fereaske, neffens it Wurd fan God, mei alles wat dêrmei gearhinget<sup>4</sup>.

<sup>1</sup>1 Tim 3 : 15; <sup>2</sup>Jes 29 : 13; Mt 15 : 9; Gal 5 : 1; <sup>3</sup>1 Kor 14 : 33; <sup>4</sup>Mt 16 : 19; Mt 18 : 15 – 18; Rom 16 : 17; 1 Kor 5; 1 Tim 1 : 20.

### **Artikel 33 --- De sakraminten**

Wy leauwe dat ús goede God, om't Er rekkenet mei ús ûnbegryp en de swakkens fan ús leauwen, sakraminten foar ús ynsteld hat. Sa wol Er ús syn beloften fersegelje, en ús ûnderpannen fan Syn goedgeunstigens en genede yn hannen jaan. Sa wol Er ek ús leauwe fiede en ûnderhâlde<sup>1</sup>. Hy hat dy sakraminten by it Wurd fan it Evangeelje<sup>2</sup> foege om nammerste better mei help fan ús sintugen dúdlik te meitsjen, sawol wat Er ús yn syn Wurd te kennen jout as wat Er ynwindich yn ús herten docht.

Sa bekrêftiget Er yn ús it heil dêr't Er ús yn diele lit. Want de sakraminten binne sichtbere tekens en segels fan in ynwindige en ûnsjenbere saak, dêr't God yn ús mei wurket troch de krêft fan de hillige Geast<sup>3</sup>. Dy tekens binne dus net sûnder krêft en sûnder ynhâld, dat se ús ferrifelje soene, want har wierheid is Jezus Kristus; sûnder Him soenen se neat wêze.

Fierders kinne wy ta mei it tal sakraminten, dat Kristus, ús Master, foar ús ynsteld hat, en dat binne net mear as twa: it sakramint fan de hillige doop<sup>4</sup> en dat fan it hillich nachtmiel fan Jezus Kristus<sup>5</sup>.

<sup>1</sup>Gen 17 : 9 – 14; Ex 12; Rom 4 : 11; <sup>2</sup>Mt 28 : 19; Ef 5 : 26; <sup>3</sup>Rom 2 : 28, 29; Kol 2 : 11, 12; <sup>4</sup>Mt 28 : 19; <sup>5</sup>Mt 26 : 26 – 28; 1 Kor 11 : 23 – 26.

### **Artikel 34 --- De hillige doop**

Wy leauwe en belide dat *Jezus Kristus, dy't de ein fan de wet is* (Romeinen 10 : 4), mei it ferjitten fan syn bloed in ein makke hat oan alle oare bloedferjitting dy't men dwaan kinne of wolle soe om ús sûnden te fersoenen. Hy hat de besnijenis, dêr't bloed mei mank wie, ôfskaffe en yn it plak dêrfan hat Er it sakramint fan de doop ynsteld<sup>1</sup>.

Troch de doop wurde wy ûntfongen yn de tsjerke fan God en ôfsûndere fan alle oare folken en frjemde godstsjinsten, om sa alhiel Syn eigendom<sup>2</sup> te wêzen, mei't wy syn mark en fjildteken drage. De doop tsjinnet ús as in tsjûgenis, dat Er yn ivichheid ús God wêze sil, dy't foar ús in genedige Heit is.

Dêrom hat Kristus hjitten om alle gearre, dy't sines binne, te dopen *yn de namme fan de Heit en fan de Soan en fan de hillige Geast* (Mattéus 28 : 19), mei gewoan wetter. Dêrmei jout Er ús te kinnen: krekt as it wetter, dêr't it lichem fan de dopeling mei oergetten en foar de eagen fan alle lju besprinkle wurdt, de smoargens fan it lichem ôfwasket, allyksa bewurket it bloed fan Kristus datselde fan binnen, yn de siel, troch de hillige Geast<sup>3</sup>; it besprinket de siel en suveret har fan sûnden<sup>4</sup> en ús, dy't ûnder Gods grime fallen wienen, en bernet ús op 'e nij ta bern fan God<sup>5</sup>.

Wy wurde lykwols net troch it wetter sels suveret<sup>6</sup>, mar troch de besprinkeling mei it djoere bloed fan de Soan fan God<sup>7</sup>. Hy is ús Reade See<sup>8</sup>, dêr't wy trochhinne moatte om ûnder de oerhearsking fan Farao – dat is de duvel – wei te kommen en it geastlike Kanaän yn te gean.

De tsjinners fan har kant jouwe ús allinne it sichtbere sakramint, mar ús Hear jout wat it sakramint oantsjut, te witten de ûnsichtbere genedejften. Hy wasket ús siel en suveret har yngeand fan alle smoargens en ûngerjochtigens<sup>9</sup>. Hy fernijt ús hert, jout ús folslein treast en wiere wissichheid fan syn goedens as in heit en docht ús de nije minske oan en docht ús de âlde minske mei al syn wurken út<sup>10</sup>.

Dêrom leauwe wy dat wa't tagong krije wol ta it ivige libben, mar ienris doopt wurde moat<sup>11</sup>. De doop mei net oerdien wurde, want wy kinne ek net twaris berne wurde. De doop is ommers net allinne fan wearde foar ús, wannear't wy dy ûntfange en salang't it wetter op ús is, mar ús hiele libben lang.

Dêrom fersmite wy de dwaling fan de Werdopers, dy't net tefreden binne mei de doop, dy't se ienris krigen hawwe en boppedat de doop fan de berntsjes fan de leauwigen feroardielje. Wy leauwe dêrfoar dat wy dy bern dopen en mei it merkteken fan it ferbûn fersegelje moatte, lykas de berntsjes yn Israël besnien waarden op grûn fan deselde beloften, dy't ús bern dien binne<sup>12</sup>. Wiswier, Kristus hat syn bloed likegoed fergetten om de berntsjes fan de leauwigen te waskjen, as Er dat foar de folwoeksenen dien hat<sup>13</sup>. Dêrom moatte se it teken en sakramint fan wat Kristus foar harren dien hat, ûntfangen, sa't de Hear yn de wet hjitten hat, harren, koart nei't



se berne wienen, yn it sakramint fan it lijen en stjerren fan Kristus diele te litten, troch it offer fan in laam<sup>14</sup>. Dat wie in sakramint fan Jezus Kristus.

Boppedat : wat de besnijenis die oan it Joadske folk, datselde docht de doop oan ús bern. Om dy reden neamt de apostel Paulus de doop *de besnijenis fan Kristus* (Kolossers 2 : 11).

<sup>1</sup>Kol 2 : 11; <sup>2</sup>Ex 12 : 48; 1 Petr 2 : 9; <sup>3</sup>Mt 3 : 11; 1 Kor 12 : 13; <sup>4</sup>Hann 22 : 16; Hebr 9 : 14; 1 Joh 1 : 7; Iep 1 : 5b; <sup>5</sup>Tit 3 : 5; <sup>6</sup>1 Petr 3 : 21; <sup>7</sup>Rom 6 : 3; 1 Petr 1 : 2; 1 Petr 2 : 24; <sup>8</sup>1 Kor 10 : 1 – 4; <sup>9</sup>1 Kor 6 : 11; Ef 5 : 26; <sup>10</sup>Rom 6 : 4; Gal 3 : 27; <sup>11</sup>Mt 28 : 19; Ef 4 : 5; <sup>12</sup>Gen 17 : 10 – 12; Mt 19 : 14; Hann 2 : 39; <sup>13</sup>1 Kor 7 : 14; <sup>14</sup>Lev 12 : 6.

## Artikel 35 --- It hillich nachtmiel

Wy leauwe en belide dat ús Heilân Jezus Kristus it sakramint fan it hillich nachtmiel foarskreaun en ynsteld hat<sup>1</sup>, om dyjingen, dy't Er al werberne en yn syn húsgezin – dat is syn tsjerke – ynlive hat, te fieden jaan en te ûnderhâlden.

No hawwe hja, dy't werberne binne, twadderlei libben yn harren<sup>2</sup>. It iene is lichaamlik en tydlik: hja hawwe it fan har earste berte meikrigen en alle minsken hawwe it. It oare is geastlik en himelsk: it wurdt harren jûn yn de twadde berte, dy't bart troch it Wurd fan it Evangeelje<sup>3</sup>, yn de mienskip mei it lichem fan Kristus. Dat libben hawwe allinne Gods útkarden. Sa hat God, om ús lichaamlik en ierdske libben yn stân te hâlden, ús ierdske en stoflik brea jûn, dat alle minsken krije, lykas it libben sels. Mar foar it ûnderhâld fan it geastlik en himelske libben, dat de leauwigen hawwe, hat Er harren *in libben brea taskikt, dat út 'e himel delkommen is* (Johannes 6 : 51), te witten Jezus Kristus<sup>4</sup>. Hy fiedt en ûnderhâldt it geastlik libben fan de leauwigen<sup>5</sup>, as Hy iten wurdt, dat is te sizzen, as Hy geastlik taegene en troch it leauwe ûntfongen<sup>6</sup> wurdt.

Om ús no dit geastlik en himelske brea ôf te byldzjen, hat Kristus in ierdske en sichtber brea foarskreaun, as sakramint fan syn lichem, en de wyn as sakramint fan syn bloed<sup>7</sup>. Dêrmei betsjûget Er ús: sa wis as wy it sakramint ûntfange en yn ús hannen hâlde en mei de mûle ite en drinke om ús libben yn stân te hâlden, krekt sa wis ûntfange wy yn ús siel troch it leauwen<sup>8</sup> – dat hân en mûle fan ús siel is – it wiere lichem en it wiere bloed fan Kristus, ús iennige Heilân, om ús geastlik libben yn stân te hâlden.

No is it hielendal wis, dat Jezus Kristus syn sakraminten ús net om 'e nocht foarskreaun hat. Hy wurket dan ek yn ús alles wat Er ús troch dizze hillige tekens foar eagen stelt, mar de wize wêrop dit bart, giet ús ferstân te boppen, likegoed as de wurking fan de hillige Geast ferburgen en ûnbegryplik is<sup>9</sup>.

Dochs binne wy net op 'e doele, as wy sizze dat, wat wy ite en drinke, it eigen natuerlik lichem en it eigen bloed fan Kristus is. Allinne, de wize, dêr't wy it op nuttigje is net mei de mûle, mar geastlik, troch it leauwe. Sa bliuwt Jezus Kristus, dy't altyd sit oan de rjochterhân fan God, syn Heit, yn de himel<sup>10</sup>, en dochs dielt Er himsels oan ús mei, troch it leauwen. By dit geastlik feestmiel lit Kristus ús dochs diel hawwe oan Himsels mei al syn skatten en jeften en lit Er ús sawol Himsels as al de fertsjinsten fan syn lijen en stjerren genietsje<sup>11</sup>. Hy fiedt, fersterket en fertreastget ús earne, fersleine siel troch it iten fan syn lichem, en Hy ferkwikt en fernijt har mei't Er ús fan syn bloed drinke lit.

Fierders, hoewol't it sakramint mei de saak dêr't in teken fan is, ferbún is, wurde beide dochs net troch allegearre ûntfongen<sup>12</sup>. De goddeleaze ûntfangt wol it sakramint, ta syn feroardieling, mar net de wierheid fan it sakramint, lykas Judas en Simon de Tsjoender beide wol it sakramint ûntfongen, mar Kristus, dy't dêrtroch betekene wurdt<sup>13</sup>, net. Oan Him krije allinne de leauwigen<sup>14</sup> diel.

As lêste : wy ûntfange dit hillich sakramint yn de gearkomste fan Gods folk<sup>15</sup> mei dimmenens en earbied. Dêrby betinke wy mei-inoar, ûnder tanksizzing, de dea fan Kristus, ús Heilân, en wy dogge dêrby belidenis fan ús leauwe en fan de kristlike tsjinst oan God<sup>16</sup>. Dêrom mei net ien oangean, of hy moat *himsels earst op 'e krekte wize ûndersocht hawwe*, dat er, wylst er fan dit brea yt en út dizze beker drinkt, *himsels net in oardiel yt en drinkt* (1 Korintiërs 11 : 28, 29). Koartsein, wy wurde troch it brûken fan dit hillich sakramint brocht ta in hertstochtlike leafde ta God en ús neiste.

Dêrom fersmite wy alle tafoegingen en ferflokte útfynsels, dy't de minsken by dizze sakraminten dien en dêrmei mongen hawwe, as ûnthilligen dêrfan. En wy ferklearje dat wy genôch hawwe moatte oan wat Kristus en syn apostels ús foarskreaun hawwe en dat wy dêroer prate moatte krekt sa't hja dêroer praat hawwe.

<sup>1</sup>Mt 26 : 26 – 28; Mk 14 : 22 – 24; Luk 22 : 19, 20; 1 Kor 11 : 23 – 26; <sup>2</sup>Joh 3 : 5, 6; <sup>3</sup>Joh 5 : 25; <sup>4</sup>Joh 6 : 48 – 51; <sup>5</sup>Joh 6 : 63; Joh 10 : 10b; <sup>6</sup>Joh 6 : 40, 47; <sup>7</sup>Joh 6 : 55; 1 Kor 10 : 16; <sup>8</sup>Ef 3 : 17; <sup>9</sup>Joh 3 : 8; <sup>10</sup>Mk 16 : 19; Hann 3 : 21; <sup>11</sup>Rom 8 : 32; 1 Kor 10 : 3, 4; <sup>12</sup>1 Kor 2 : 14; <sup>13</sup>Luk 22 : 21, 22; Hann 8 : 13, 21; <sup>14</sup>Joh 3 : 36; <sup>15</sup>Hann 2 : 42; Hann 20 : 7; <sup>16</sup>Hann 2 : 46; 1 Kor 11 : 26.

### Artikel 36 --- De taak fan de oerheid

Wy leauwe, dat ús goede God, fanwege de ferdoarnens fan it minsklik geslacht, hiten hat, dat der keningen, presidinten en oerheden wêze sille<sup>1</sup>. Hy wol ommers dat de wrâld troch wetten en feroarderings<sup>2</sup> regearre wurdt om de lossinnigens fan de minsken te betwingen, en dat it allegear neffens goede regels tagean soe ûnder de minsken<sup>3</sup>. Ta dat doel *hat Er de oerheid dit swurd yn 'e hannen jûn om dy't ferkeard dogge te bestraffen en de goede minsken te beskermjen* (ferl. Romeinen 13 : 4). Har taak is net allinne te soargjen foar de iepenbiere oarder en dêr noed fan te stean, mar ek de hillige tsjerketsjinst te beskermjen\*), en te befoarderjen dat it keninkryk fan Jezus Kristus komt, dat it Wurd fan it Evangeelje oeral preke wurdt, dat sadwaande God troch elkenien eare en tsjinne wurdt, sa't Er yn syn Wurd hjit.

Fierder is elkenien, fan hokker rang, stân of steat er ek wêze mei, ferplichte him oan de oerheden te ûnderwerpen, belesting te beteljen, harren eare en earbied ta te dragen en harren hearrich<sup>5</sup> te wêzen yn alle dingen dy't net yn striid binne mei Gods Wurd<sup>6</sup>, foar harren te *bidden*, dat de Hear harren bestjoere wol yn al har wegen, *dat wy in stil en rêstich libben hawwe meie yn klearre godsfreze en earberens* (1 Timoteüs 2 : 1, 2).

Dêrom wize wy de Werdopers en oare reboeljeskoppers ôf en yn it algemien allegearre dy't oerheid en bewâld fersmite en de rjochtsoarder omkeare wolle<sup>7</sup>, mei't se mienskip fan goed ynfiere en de goede seden, dy't God ûnder de minsken ynsteld hat, yn ûnstjoer bringe.

<sup>1</sup>Spr 8 : 15; Dan 2 : 21; Joh 19 : 11; Rom 13 : 1; <sup>2</sup>Ex : 18 : 20; <sup>3</sup>Deut 1 : 16; Deut 16 : 19; Rjo 21 : 25; Ps 82; Jer 21 : 12; Jer 22 : 3; 1 Petr 2 : 13, 14; <sup>4</sup>Ps 2; Rom 13 : 4a; 1 Tim 2 : 1 – 4; <sup>5</sup>Mt 17 : 27; Mt 22 : 21; Rom 13 : 7; Tit 3 : 1; 1 Petr 2 : 17; <sup>6</sup>Hann 4 : 19; Hann 5 : 29; <sup>7</sup>2 Petr 2 : 10; Jud : 8.

\*)

De Generale Synoade fan Utert 1905 hat op dit plak de folgjende wurden skrast: “alle ôfgoaderij en falske godstsjinst te kearen en út te roegjen, it ryk fan de antikrist tsjin de grûn te smiten”.

### Artikel 37 --- It lêste oardiel

By einbeslút leauwe wy, neffens it Wurd fan God, dat, as de tiid troch de Hear steld – en dy't gjin skepsel wit – kommen<sup>1</sup> is en it tal fan de útkarden fol<sup>2</sup> wêze sil, ús *Hear Jezus Kristus út 'e himel komme sil*, lichaamlik en sichtber<sup>3</sup>, *allyk Er opfearn is* (ferl. Hannelingen 1 : 11), mei grutte hearlikens en majesteit<sup>4</sup>. Dan sil Er Himsels yn it iepenbier betoane as Rjochter oer libbenen en deaden<sup>5</sup>, wylst Er dizze âlde wrâld yn ljochte lôge set om dy te suverjen<sup>6</sup>.

Dan sille alle minsken dy't ea libbe hawwe persoanlik foar dizze Rjochter ferskine<sup>7</sup>, sawol mânlju, froulju as bern, foarroppen troch *it lûd fan in aartsingel en by it sketterjen fan Gods trompet* (1 Tessalonikers 4 : 16). Want allegearre dy't ferstoarn binne, sille dan út de ierde ferrize<sup>8</sup> en de sielen sille feriene wurde mei har eigen lichem, dêr't se yn libbe hawwe. En wa't dan noch libje, dy sille net stjerre lykas de oaren, mar yn ien sucht sille se feroare wurde fan fergonklikens nei ûnfergonklikens<sup>9</sup>. *Dan sille de boeken iependien wurde, en de deaden sille oardiele wurde* (Iepenb. 20:12) *nei wat hja yn dit libben dien hawwe, itsij goed, itsij kwea*<sup>10</sup> (2 Korintiërs 5 : 10). Ja, *fan elk hol wurd dat de minsken sein hawwe, sille se rekkenskip jaan moatte op 'e oardielsdei* (Mattéus 12 : 36), al beskôget de wrâld sokke praat inkeld as boarterij en tiidferdriuw. Dan sil wat de minsken yn it ferburgen bedreaun hawwe, ek har skynhilligens, iepenlik foar elkenien oan it ljocht brocht wurde.

Mei rjocht en reden is it tinken oan dat oardiel dêrom ôfgrysluk en eang foar de tsjoeden en goddeleazen<sup>11</sup>, mar foar de frommen en útkarden is it tige begearlik en treastryk. Dan sil ommers har ferlossing foltôge wurde en hja sille dan de fruchten fan har muoisum wurk ûntfange<sup>12</sup>. Har ûnskuld sil dan troch allegearre tajûn wurde en hja sille de skriklike wrake sjen dy't God dwaan sil oan de goddeleazen, dy't harren yn dizze wrâld oerhearske, fertrape en pleage hawwe<sup>13</sup>. It tsjûgenis fan har eigen gewisse sil harren har eigen skuld ynsjen litte. Hja sille al ûnstjerlik wurde, mar allinne om pinige te wurden yn it *ivige fjoer*<sup>14</sup> *dat foar de duvel en syn kornuten reemakke is*<sup>15</sup> (Mattéus 25 : 41).

Dêrfoaroer, de leauwigen en útkarden sille mei hearlikens en eare kroane wurde. *De Soan fan God sil it foar har opnimme by God, Syn Heit* (Mattéus 10 : 32), en syn útkarde ingels<sup>16</sup>, en *God sil harren alle triennen út 'e eagen feie*<sup>17</sup> (Iepenbiering 21 : 4). Dan sil bliken dwaan dat har saak, dy't no troch gâns rjochters en oerheden as ketttersk en goddeleas feroardiele wurdt, de saak fan de Soan fan God is. En ta in genedige beleaning sil de Hear harren sa'n hearlikens besitte litte, as nea yn in minske opkomme soe<sup>18</sup>.

Dêrom ferwachtsje wy dy grutte dei mei in djip langstme en genietsje folslein de belofte fan God yn Jezus Kristus, ús Hear.

<sup>1</sup>Mt 24 : 36; Mt 25 : 13; 1 Tess 5 : 1, 2; <sup>2</sup>Hebr 11 : 39, 40; Iep 6 : 11; <sup>3</sup>Iep 1 : 7; <sup>4</sup>Mt 24 : 30; Mt 25 : 31; <sup>5</sup>Mt 25 : 31 – 46; 2 Tim 4 : 1; 1 Petr 4 : 5; <sup>6</sup>2 Petr 3 : 10 – 13; <sup>7</sup>Deut 7 : 9 – 11; Iep 20 : 12, 13; <sup>8</sup>Dan 12 : 2; Joh 5 : 28, 29; <sup>9</sup>1 Kor 15 : 51, 52; Fil 3 : 20, 21; <sup>10</sup>Hebr 9 : 27; Iep 22 : 12; <sup>11</sup>Mt 11 : 22; Mt 23 : 33; Rom 2 : 5, 6; Hebr 10 : 27; 2 Petr 2 : 9; Jud : 15; Iep 14 : 7a; <sup>12</sup>Luk 14 : 14; 2 Tess 1 : 3 – 10; 1 Joh 4 : 17; <sup>13</sup>Iep 15 : 4; Iep 18 : 20; <sup>14</sup>Mt 13 : 41, 42; Mk 9 : 48; Luk 16 : 23 – 28; Iep 21 : 8; <sup>15</sup>Iep 20 : 10; <sup>16</sup>Iep 3 : 5; <sup>17</sup>Jes 25 : 8; Iep 7 : 17; <sup>18</sup>Dan 12 : 3; Mt 5 : 12; Mt 13 : 43; 1 Kor 2 : 9; Iep 21 : 9 – 22 : 5.